

## FRYSK

Net faak sil in Frysktalich histoarys boek sa gau útferkocht west ha. Dit jier mei Âlde Maaie (12 maaie) ferskynde 'De 13 fan Obbe Sjutsje' fan Mechtilde Postma en Goaitsen van der Vliet bij Útjouwerij DeRyp. Seis wike letter, doe't it besprek fan it boek yn de Ljouwerter Krante noch ferskine moast, wie de hiele oplaach fan 300 stiks al ûnder de minsken.

Omdat de reaksjes oer alle boegen oerweldigjend posityf binne en der noch altyd fraach is nei it boek, ferskynt op 9 septembar in twadde, justjes ferbettere útjefte bij De Oare útjouwerij yn Enschede. De lúkse útfiering is krekt itselde as bij de earste útjefte. Omdat der no gjin subsydzje mear op sit, moast de publykspriis wol wat ferhege wurde.

It boek mei de ûndertitel 'De singeliere histoarje fan de Postma's fan De Tempel yn 'e Sânfurdterryp' beskriuwt de libbens fan boer Obbe en syn Sjutsje, en harren trettjin bern. De measten dêrfan wienen wat de auteurs 'net goed' of op syn minst 'wif fan geast' neame, yn in tiid dat der noch hast gjin medisinen wienen foar skizofreny en oare psychise sykten. Men kin fan tinken wol ha, dat him wat ôfspile hat, dêr op ien fan de fierste achterôfplakken fan Fryslân.

Yn 'De 13 fan Obbe Sjutsje' besykje de auteurs dizze like oangripende as nijsgjirrige famyljeskiednis sa sekuer mooglik te rekonstruearjen oan de hân fan de bewarre bleaune geskriften en de oantinkens fan minsken dy't ien en oar fan tichtbij of fan hearren sizzen meimakke ha.

Folle mear hjiroer, ek resinsjes en stikken út it boek, is te finen op <https://goaitsen.nl/boek.php?pag=de13>

Besprekkers kinne op fersyk it boek digitaal tasjoerd krije (as pdf), en sa noadich op papier.

## NEDERLANDS

Niet vaak zal een Friestalig historisch boek zo gauw uitverkocht zijn geweest. Dit jaar met Oude Mei (12 mei) verscheen 'De 13 fan Obbe Sjutsje' (De 13 van Obbes Sjutje) van Mechtilde Postma en Goaitsen van der Vliet bij Útjouwerij DeRyp. Zes weken later, toen de bespreking van het boek in de Leeuwarder Courant nog moest verschijnen, was de hele oplage van 300 stuks al onder de mensen.

Omdat de reacties in alle opzichten overweldigend positief zijn en er nog steeds vraag is naar het boek, verschijnt op 9 september een tweede, iets verbeterde uitgave bij De Oare útjouwerij (De Andere uitgeverij) in Enschede. De luxe uitvoering is dezelfde als bij de eerste uitgave. Omdat er nu geen subsidie meer op zit, moest de publieksprijs wel wat worden verhoogd.

Het boek met de ondertitel (vertaald) 'De buitengewone geschiedenis van de Postma's van De Tempel in de Sandfirderrijp' beschrijft de levens van boer Obbe en zijn Sjutje, en hun dertien kinderen. De meesten daarvan waren wat de auteurs 'niet goed' of op z'n minst 'wankel van geest' noemen, in een tijd dat er nog bijna geen medicijnen waren voor schizofrenie en andere psychische ziekten. Je kunt je voorstellen dat zich het een ander heeft afgespeeld, daar op een van de meest afgelegen plekken van Friesland.

In 'De 13 fan Obbe Sjutsje' proberen de auteurs deze even aangrijpende als interessante familiegeschiedenis zo nauwkeurig mogelijk te reconstrueren aan de hand van de bewaard gebleven geschriften en de herinneringen van mensen die een en ander van dichtbij of van horen zeggen hebben meegemaakt.

Veel meer hierover, ook recensies en delen uit het boek, is te vinden op <https://goaitzen.nl/boek.php?pag=de13>

Recensenten kunnen op verzoek het boek digitaal toegestuurd krijgen (als pdf), en zo nodig op papier.